

IT KIN BETTER!

FERKIEZINGSPROGRAMMA 2014-2018
SP SMELLINGERLAN

SP



SEIS REDENEN OM OP DE SP TE STIMMEN

1. Eltsenien hat rjocht op in minskweardich bestean mei de dêrby hearrende basisbehoeften.
2. Ynvestearje yn minsken en net yn prestiizjeprojekten.
3. Minsken wurkje net ûnder it minimumlean.
4. Aktyf ferset fan de gemeente tsjin de lânlike besunigings!
5. De soarch is in rjocht, gjin geunst!
6. In leefber en duorsum Smellingerlân, ek foar de takomst!

YNHALD

	side
Foaropwurd	3
Sosjale saken	4
Wurkgelegenheid	5
Soarch	6
Underwiis	8
Feiligens	9
Iepenbier bestjoer	10
Miljeu	11
Wenjen	12
Ferkear en iepenbier ferfier	13
Finânsjes	14

FOAROPWURD

It wurdt tiid dat de wize wêrop 't de gemeente bestjoert feroare wurdt yn in mear minsklike oanpak fan de polityk. De ôfrûne jierren hat de SP bewiisd fierder te sjen dan de gebrûklike wize fan polityk bedriuwe. Hjirby litte wy ús liede troch trije kearnbegripen: Minsklike waardichheid, Lykwaardichheid en Solidariteit.

It is oan de SP te tankjen dat der ferskate saken oan de kaak steld en ferbettere binne. Foarbylden binne it ûndersyk nei de eangstkultuer ûnder it gemeentlik personiel, belangeferstrengeling by de direksje fan sosjale wurkfoarsjenning Caparis en in inisjatyf ta legalisearring fan de wietteelt. Drachten sil de kommende jierren noch in protte lêst ûnderfine fan de boupутten dy 't it gefolch binne fan prestiizjeprojekten wêr 't it hjoeddeiske kolleezje sa mâl mei is. De SP fynt it no earst wol genôch en ynvestearret leaver yn minsken dan yn bakstiennen. Yn dit ferkiezingsprogramma kinne jo lêze hoe 't wy ús dêr de kommende fjouwer jier foar ynsetten gean, op strjitte, yn de ried en wat ús oanbelanget yn it gemeentebestjoer!

SOSJALE SAKEN

Foar de SP is in sosjale en barmhertige hâlding fan de gemeente hiel wichtich. Eltsenien hat rjocht op in minskweardich bestean en de dêrby hearrende basisbehoeften. Wichtich hjirby is it selsstannich funksjonearjen fan minsken. Dit is faak maatwurk, wêrby 't der in ûnderling betrouwen wêze moat tusken de gemeente en minsken dy 't gebrûk meitsje moatte fan de ferskate regelings.

De kommende jierren sil it tal minsken dat ôfhinklik is fan in útkearing tanimme. Us gemeente moat ek foar dizze minsken in plak bliuwe wêryn 't nimmen bûten-sletten wurdt. Uteinliks is it bêste foar sawol de gemeente as har ynwenners om in goed sosjaal fangnet te hawwen.

US UTSTELLEN:

1. Earlik lean foar earlik wurk, dus gjin betelling fan arbeid ûnder it minimumlean.
2. Romhertich omgean mei minimabelied en oanslute by de behoeften fan de minsken.
3. Der wurdt net besunige op it minimabelied, sterker noch: wy lûke it minimum foar alle regelings op nei 120% fan de bystânsnoarm.
4. Skaf de lienbystân ôf.
5. Sosjaal skuldenbelied yn gearwurking mei oare ynstânsjes lykas wenning-korporaasjes en enerzjybedriuwen sadat hûsútsettings en ôfslutings fan gas, wetter of elektra tefoaren kaam wurde.
6. Needloket by sosjale saken foar akute swierrichheden.
7. Al it jild dat ornearre is foar earmoedebestriding wurdt ek allinne útjûn oan earmoedebestriding.

WURKGELEGENHEID

Foar de minsklike weardichheid is it wichtich foarsjen te kinnen yn eigen ûnderhâld. Wurkje kin hjiroan in bydrage leverje. Dêrom moat eltsenien dy 't dat kin rjocht hawwe op wurk. Dêrneist moat wurk wol leanjend wêze en binne wy tsjin wurkje ûnder it minimumlean.

De wurkleazens yn ús gemeente is heech. Yn it ferline binne arbeidsbemiddeling en reyntegraasje troch gemeente op ôfstân setten. De risseltaten fan dizze trajekten binne teloarstellend. Yn de gemeenteried wurdt dit witten oan de krisis, wylst oan de oare kant it falen fan it belied krekt wurksykjenden persoanlik oanrekkene wurdt. Dat kin en mei net! Wy moatte wer werom nei betrouwen fan wjerskanten om ta in oplossing te kommen. Wichtich is dat hjirby de gemeente sels wer in gruttere rôl spyljen giet.

US UTSTELLEN:

1. Rjochtsje learwurkmaatskippijen op yn de buerten en doarpen dy 't de taak fan UWV-wurkbedriuw en reyntegraasjeburo's oernimme.
2. Skaf de reyntegraasjeburo's ôf. De gemeente nimt de taak fan arbeidsbemiddeling en mooglike (by)oplieding op har.
3. Wurkje by de learwurkmaatskippij smyt in lean op.
4. Dielnimme oan de oplieding smyt in taslach op de útkearing op.
5. De hiele buert wurdt by de learwurkmaatskippij belutsen. Ek skoallen, wykferienings, sportclubs, bedriuwen en ynstellings hearre hjir ta.
6. Reyntegraasjetrajekten by Caparis en Pauropus stoppe en de sosjale wurkpleats wurdt wer foar de oarspronklike doelgroep.
7. De gemeente Smellingerlân bestiidt aktyf it útstrûpen en ûnderdrukken fan alle minsken dy 't binnen har grinzen libje en wurkje.
8. Earlik lean foar earlik wurk, dus gjin betelling fan arbeid ûnder it minimumlean.
9. Wannear 't der net foar eltsenien wurk is, moatte wy ta nei in werferdieling.
10. De gemeente moat sykje nei bedriuwen dy 't oanslute op de oanbodside fan de arbeidsmerk.
11. Maatskiplik ferantwurde ûndernimme (minske, miljeu en maatskippij) wurdt troch ús gemeente yn aktyf belied omsetten, sawol yntern as ekstern.
12. Duorsumens moat in prioriteit wêze by sawol besteande as nij oan te lûken bedriuwen.

SOARCH

In soad lanlike regelings dy 't de sûnenssoarch oanbelangje wurde dellein op it board fan de gemeente. Spitigernôch giet dit hân yn hân mei enoarme besunigings. Nimmen kiest der foar om siik te wurden en it basisútgongspunt moat dan ek betrouwen wêze en goeie soarch foar eltsenien, likefolle wat it sosjale netwurk is. Ek hjir binne de kearnbegrippen minsklike waardichheid, gelykwaardichheid en solidariteit. Hjirby wurdt net allinne sjoen nei de minsken dy 't soarch krije, mar ek nei de minsken dy 't de soarch jaan, lykas thússoarchmeiwurkers.

Neffens de SP kinne minsken it bêst yn harren betroude omjouwing wenjen bliuwe, wêrby 't sjoen wurdt nei yndividueel ferlet. Húsdokters en oare soarchferlieners spylje de wichtichste rôl yn it yn kaart bringen fan dit soarchferlet. Unnedige burokratyske regelings moatte tsjingien wurde.

US UTSTELLEN:

1. Protest fan de gemeente tsjin de besunigings yn de soarch.
2. It rjocht op soarch bliuwt behâlden.
3. Al it jild dat ornearre is foar soarch wurdt ek allinne útgjûn oan soarch.
4. De thússoarch wurdt net mear Europeesk oanbestege.
5. Lytsskalige, yntime ferpleging en fersoargingstehuzen bouwe yn buerten en doarpen.
6. Mear mooglikheden biede ta wenningoanpassing.
7. Buertsûnenssintra yn eltse buert en elts doarp. Hjiryn wurkje húsartsen, wykferpleechkundigen, de fysioterapeut, de maatskiplik wurker en de psycholooch gear.
8. In konsultaasjeburo foar âlderein. In soad swierrichheden kinne hjirmei yn in betiid stadium oanpakt wurde. Te tinken falt oan it ûnderkenne fan opkommende demintens.
9. De ferantwurdlikheid foar help en soarch thús jaan oan selsstannich operearjende buertsoarchteams lieden troch ferpleechkundigen. Hja ferliene en organisearje soarch, fan oanmelding en beoardieling oant útfiering.
10. De yndikaasje-organen (CIZ en SCIO) wurde ôfskift, de húsdokters geane de yndikaasjes foar soarch dwaan en advisearje de gemeente.
11. Alle aksjes oangeande soarch moatte as doel hawwe dat minsken sa folle mooglik yn harren eigen omjouwing wenjen bliuwe kinne.
12. Mantelsoargers moatte goed ûnderstipe wurde troch ús gemeente.

OER IT SKET

It dellizzen fan in tal lanlike taken by de gemeente komt del op in glêshurde besunigingsrûnte. Trije wichtige soarchtaken wurde by de gemeenten oer it sket goaid sûnder dat dêr genôch jild tsjinoer stiet. De gemeente hat noch de ekspertise noch de finansjele middels yn hûs om dizze taken goed út te fieren. Trochdat ús gemeente beliedsfrijheid hat bestiet de kâns dat it rjocht op soarch feroaret yn in geunst. De kar is oan de gemeente hoe 't it jild ferdielt wurdt.

Jeugdsoarch

De jeugdsoarch wurdt in ferantwurdlikheid fan ús gemeente. Meikoarten moatte wy de provinsjale jeugdsoarch, de reklassering, de jeugdbeskerming, de jeugd GGZ en de soarch foar ljocht ferstânlik handikapte jeugd útfiere. In protte fan dizze taken binne foar ús gemeente nij, en ús gemeente hat derfoar keazen dat it systeem fan de soarch fan de grûn ôf opnij opboud wurden giet. Gefaar hjirby is dat it tsjil op 'en nij útfûn wurde moat en dat wy lange tiid mei "bernesykten" fan it systeem sitte wêr 't de jeugdsoarch ûnder lijen gean sil. Tagelyk is ûndúdlik hoefolle jild wy krijen gean foar it útfieren fan dizze taken. Dúdlik is wol dat it folle minder wurden giet dan der no foar beskikber is.

Partisipaasjewet

De útfiering fan de Partisipaasjewet wurdt oerhevele nei de lokale oerheden, wêrmei 't de wet Wurk en Bystân, de sosjale wurkfoarsjenning en de Wajong foar in grut part in gemeentlike taak wurde. Yn de bystâns wet wurdt opnommen dat men in tsjinprestaasje leverje moat foar in útkearing. Der wurdt rom 1,9 miljard besunige op de WSW-bedriuwen, Wajong en reyntegraasje. Troch de besunigings wurde in soad (geastlik) handikapt de WSW-bedriuwen útjage en troch de tsjinprestaasje sille in protte minsken ûnder it minimumlean wurkjen gean moatte, sûnder dat dêr in baangarânsje tsjinoer stiet.

AWBZ

De algemiene wet bysûndere syktekosten wurdt ûnderdiel fan de Wet Maatskiplike Understipe (WMO), wêrfan de gemeente de útfierder is. Yn ús gemeente is al in soad bepraten oer hoe 't dizze soarchtaak útfieren te gean, lykwols is de grutte ûdúdlikheid hjirby hoefolle jild de gemeente fan it ryk/soarchfersekerders krijen giet.

UNDERWIIS

Goed ûnderwiis is neffens de SP in prioriteit. Mei goed ûnderwiis kin de jongerein har talinten ûntjaan en in goed plak yn de maatskippij krije. Hjirby moat sjoen wurde nei de opbringsten fan ûnderwiis yn stee fan skoallen allinne as kostenpost te sjen. Neffens de SP kinne lytsere skoallen, ynbêden yn buert of doarp, in wichtige bydrage leverje oan de leefberens fan de direkte omjouwing. Berikberens en tagonklikheid moatte hjirby goed wêze. Oerheidsbelied oangeande it passend ûnderwiis wurdt goed yn 'e rekken hâlden. Elts bern fertsjinnet in plak dêr 't it him it bêst ûntjaan kin.

US UTSTELLEN:

1. Hâld de skoalle yn de buert. Sjoch net allinne nei de kosten, mar hâld ek rekken mei wat de skoallen sels wolle.
2. De loftkwaliteit fan de skoallen moat better yn 'e rekken hâlden wurde.
3. De rjochtline soe wêze moatte: maksimaal 200 learlingen foar it basisûnderwiis en 600 foar it fuortset ûnderwiis.
4. Mear fersklavingsprojekten yn basis- en fuortset ûnderwiis.
5. Mear húsbesites om learlingenútfal effisjinter te bestriden.
6. De gemeente moat der nei stribje om it fariearde ûnderwiisoanbod te hanthavenjen.
7. Der binne feilige fyts- en kuierroutes by skoallen.
8. Om reden fan feiligens wurdt it gaotyske ferkear en parkeare tidens heljen en bringen fan bern yn oerlis mei skoallen en âlders streamline. Wannear 't dit net foldwaande wurket kinne maatregels lykas werynrjochting, ienrjochtingsferkear of parkearferbod ynfierd wurde.
9. Sawol de skoalle, âlders, buertbewenners en de oerheid meitsje tegearre plannen om de ferkearsfeiligens rûnom skoallen te fergrutsjen.
10. Eltse wyk en elts doarp moat syn eigen skoalle, wyksintrum/doarpshûs, âldereinforarsjenning en sûnenssintrum krije/behâlde.
11. Lytse skoallen moatte gearwurkje om opheffing foar te kommen. Ek as dat giet ta skea fan de identiteit.

FEILIGENS

De SP pleitet foar in feilige en leefbere buert. Buertaginten spylje hjirby in grutte rôl. Dêr mei net op koarten wurde en de gemeente moat der dan ek alles oan dwaan om dizze aginten te behâlden foar ús buerten. Ek de SVS (Stifting Feilignessoarch Smellingerlân) spilet in wichtige rôl yn de feiligens. It is wichtich dat it blau op strjitte sichtber bliuwt. De ynset fan de gemeente moat rjochten wêze op previnsje en dêrtroch moat de klam lizze op bettere foarsjennings yn de buert, jongereinwurk, in goed funksjonearjende jeugdsoarch en in fangnet foar skoalútfal.

US UTSTELLEN:

1. Buertsintra, mooglik yn kombinaasje mei sûnenssintra, foarmje in sintraal punt foar de feiligens yn de buert. De buertagint en maatskiplik wurker binne hjir te finen.
2. Plysje en SVS binne sichtber oanwêzich yn de útgeanssintra fan Smellingerlân en op de knipepunten yn de wiken.
3. De wiettylt wurdt troch de gemeente sels dien of ûnder tafersjoch fan de gemeente steld. Troch dizze legalisearring sil de oerlêst, feroarsake troch kriminele organisaasjes, ferdwine.
4. Wy sjogge besjoerlik de SVS as in ûnderdiel fan de gemeentlike organisaasje, lykwols yn de útfiering foar har publike taak kin de plysjelieding de SVS oanstjoere.

IEPENBIER BESTJOER

De gemeenteried soe it foar it sizzen hawwe moatte yn de gemeente. Wy wurde lykwols hieltyd wer konfrontearre mei it feit dat troch meinskiplike regelings lykas de sosjale wurkfoarsjenning (Caparis), de ried net beslikje kin foar har eigen boargers mar bot ôfhinklik is fan de oare gemeenten yn de regeling.

Ek is it net altyd dúdlik út namme fan wa de gemeente nei har boargers kommunisearret, de ried of it kolleezje. Fia bygelyks de "Breeduit." As de gemeente it mei minder jild dwaan gean moat snije wy earst yn eigen fleis.

US UTSTELLEN:

1. De gemeente moat út de mienskiplike regeling Caparis stappe en de sosjale wurkfoarsjenning wer sels regeljen gean.
2. Lit weryndieling net allinne in saak wêze fan besjoerders, mar lit de minsken meibeslikje oer de takomst fan harren gemeente.
3. Wy binne tsjin weryndieling fan ús gemeente: ús gemeente hat in goede omfang wat besjoer oanbelanget, de ôfstân tusken bestjoer en boargers is hjir goed en wy hoege dus ek net te fusearjen mei omlizzende gemeenten.
4. Mooglikheid ta it hâlden fan referinda yn de gemeente ynstelle.
5. Wy stopje mei de "Breeduit." Alle ynformaasje fan de gemeente komt wer yn in ûnôfhinklik lokaal nijsmedium.
6. It tal wethâlders wurdt werombracht nei trije FTE. It meie wol mear dan trije minsken wêze, mar dy wurkje dan parttime.
7. De fergoedings foar de riedsleden wurde mei 20% ferlege.
8. Wachtjildregeling ôfskaffe.

MILJEU

De rôl fan de oerheid by it yn- en útfieren fan miljeumaatregels mei net ûnderskatten wurde. Pas wannear 't de oerheid dúdlike rigels en doelen opstelt wêrmei 't miljeufraachstikken oplost wurde kinne, pas dan sille konsuminten en bedriuwen ynvestearrings dwaan gean yn duorsumens. Nettsjinsteande it hege ambysjenivo fan Smellingerlân is fan dizze moaie plannen net folle op 'e hispel kaam. Bedriuwen wurde net genôch kontrolearre troch de gemeente en de provinsje. Partikulieren en bedriuwen meitsje kwalik gebrûk fan de subsydzjemooglikheden om duorsum te bouwen.

Wy wolle wurk meitsje fan de doelstelling fan ús gemeente om 5% fan it enerzjygebrûk yn Smellingerlân duorsum op te wekken. En hoewol 't dizze doelstelling der al rom tsien jier leit tinkt de SP dat dit ek werklik helber is. Hjirfoar is it wol nedich om fiif wynmûnen op gemeentegrûn del te setten. Ek moat opwekking fan sinne-enerzjy troch partikulieren en bedriuwen better stimulearre wurde. Der moat net te folle enerzjy stutsen wurde yn oer de grins fan de gemeente geande inisjativen (lykas wynmûnen by de A7 del, wynparken op see). Untjouwings hjirfan gean te stadich en ús gemeente kin dan de rezjy net mear fiere.

US UTSTELLEN:

1. Bedriuwen dy 't har yn Smellingerlân festigje wolle moatte de meast miljeufreonlike produksjemetoades hantearje; ek moatte de bedriuwen dy 't hjir al binne oan dizze noarmen foldwaan gean.
2. Us gemeente moat ynsette op ús grutte binnenhaven.
3. Duorsum bouwe moat mear stimulearre en oantrekliker wurde.
4. De útstjit fan broeikasgassen wurdt beheind, troch enerzjy te besparjen en mear te ynvestearjen yn wyn- en sinne-enerzjy. Dizze bewiisde "konvinsjonele" duorsume enerzjyboarnen hawwe foarrang op nije "ambisjeuze" plannen.
5. Wy stypje inisjativen "fan 'e grûn ôf" foar duorsume enerzjy.
6. CO2-opslach en biobrânstoffen binne gjin oplossing foar de hjoeddeiske swierrichheden rûnom fossile brânstoffen.
7. Kearnenerzjy is gjin oplossing foar ús enerzjyprobleem salang 't der gjin oplossing foar radioaktyf ôffal is. Dêrom sille wy ús ynsetten bliuwe dat sawol ús gemeente as Fryslân nee sizzen bliuwe tsjin kearnenerzjy.
8. Skalygas is gjin oplossing foar ús enerzjyprobleem salang 't dit net feilich wûn wurde kin sûnder gebrûk fan skealike gemykaliën.
9. Wannear 't dakken ferwidere wurde moatte y.f.m. asbest, wurdt stimulearre om dizze te ferfangen troch dakken fan of mei sinnekollektoren.
10. Wy hâlde de wenningkorporaasjes oan de ôfspraak fan de provinsje om 50.000 hierwenten fan sinnepanielen te foarsjen.

WENJEN

Sûnt de sosjale folkshúsfesting yn de útferkeap dien is en wy op dit stuit midden yn in finansjele krisis sitte is it foar starters op de wenningmerk dreech om oan in betelbere hier- of keapwqenning te kommen. Dêrneist moatte wenningbouferienings sûnt 2013 de ferhierderstaslach oan it ryk ôfdrage. Dit is foar har de “lêste droppel” en no slagget it har folslein net mear om “winst” te meitsjen en wurdt har de lêste mooglikheid ûntnaam om noch (sosjale wenten) te bouwen.

De gemeente fiert te wenich de regy by it untjaan en útfiere fan bouplannen mar lit dizze tefolle oer oan projektûntwikkelders. Der wurdt yn ús gemeente, benammen yn Drachten, te wenich differinsearre boud. Op dizze wize ûntstean iensidich gearstalde wiken. Foarbylden hjirfan binne: It Fennepark, De Sanding, De Singels, Himsterhout en it Drachtsterfeartplan. Dizze wiken binne allinne tagonklik foar de hegere ynkommens. Hierders binne meast oanwiisd op oare wiken lykas Noard-East, De Swetten, De Bouwen en De Venen. Hierders dy ‘t wol trochstreame wolle nei goedkeapere keapwennings hawwe dêr net de mooglikheden ta.

US UTSTELLEN:

1. Bou net allinne djoere wenten yn goedkeape wiken, mar bou ek betelbere wennings yn djoere wiken.
2. Mear oandacht foar de rap waachsende groep âlderein. Minsken sa folle mooglik, sa lang mooglik selsstannich wenjen litte op harren plakje. Wenning oanpasse, wannear ‘t nedich.
3. Libbensrinbestendich bouwe.
4. Renovaerjee giet foar slope.
5. Meitsje it mooglik dat bewenners nei werstruktúrearring fan harren wyk op harren âlde plak foar deselde moannehier werom komme kinne.
6. It mooglik meitsje dat jongerein safolle mooglik yn de doarpen wenjen bliuwe kinne, om de fergrizing tsjin te gean.
7. Bou gjin megalomane gebouwen op plakken wêr ‘t dizze net passe.
8. Meitsje mear sosjale wenningbou mooglik troch it ferleegjen fan de grûnprizen.
9. De ferkeap fan (goedkeape) hierwenten moat sa folle mooglik tsjingien wurde. Foar de groep mei legere ynkommens moat der altyd in tal goedkeape (betelbere) wennings beskikber bliuwe.

FERKEAR EN IEPENBIER FERFIER

Feilich ferkear is yn Smellingerlân in wichtich ding. De gemeente hat al in soad gebieten ta 30-kilometersônes ferklearre, lykwols de werklike oanpassings oan de dyk litte geregeld op har wachtsje. En salang 't dit net bart sil de plysje net hanthavenjen gean en sil it ferkear net stadiger riden gean. Gelokkich rydt der yn Smellingerlân in servicebus. De service en frekwinsje soene lykwols better kinne.

Us gemeente hat in soad eksperimintearre mei “shared space.” Dit prinsipe hat wat fan “it rjocht fan de sterkste.” Wylst wy krekt fine dat de swakkeren (lês: âlderein en bern op ‘e fyts), beskerme wurde moatte yn it ferkear. It passearjen fan in shared space krusing jout in soad minsken in ûnfeilich gefoel en dêrom nije bygelyks âlderein dizze krusing. Dit fine wy net winske.

US UTSTELLEN:

1. Der komme gjin nije parkeargaraazjes by yn it sintrum.
2. De twa transfearia, mei fergees of goedkeap iepenbier ferfier, oan ‘e râne fan de beboude kom, kinne ýtkomst biede foar ferkearsdrokte en parkearders.
3. De servicebus moat yn alle wiken en doarpen ride en de reistiden moatte ferromme wurde.
4. Fanút alle wiken moat it sintrum foar fytsers goed, fluch en feilich berikber wêze troch komfortabele en frij lizzende fytspaden.
5. Ticht by skoallen moat it parkeare fan auto’s ûntmoedige wurde.
6. Der komme gjin nije “shared-space”-inisjativen yn Smellingerlân.
7. De gemeente soarget der foar dat ferfiersmaatskippijen har hâlde oan de prestaasje-ôfspraken.

FINANSJES

De finânsjes fan Smellingerlân binne no noch op oarde, mar der komme besunigings oan. De kar om WMO-reservejild te brûken om it Drachtsterfeartprojekt fan te bekostigjen is in jammerlike beslissing. Ynvestearrings moatte neffens de SP rjochten wêze op it wolwêzen fan de minsken dy 't libje yn de gemeente Smellingerlân. It útgongspunt mei dêrom nea rjochten wêze op it prestiizje fan de gemeente. Dat it prestiizje fan de gemeente troch boppesteand SP-belied stiicht is allinne mar meinaam. Hoe dan ek: wy kinne eltse euro mar ien kear útjaan. Yn dit ferkiezingsprogramma hawwe wy sjen litten hoe 't wy tinke dat it jild útjûn wurde moat.

US UTSTELLEN:

1. Helbere plannen ûntjaan en útfiere, rjochten op it wolwêzen fan de minsken.
2. It gemeentebestjoer moat har op alle mooglike wizen aktyf fersetse tsjin de besunigings dy 't troch it ryk oplein wurde.
3. Der moatte ekstra finansjele middels komme foar spesifyk earmoedebe-
lied en sosjaal belied yn syn algemienens.
4. Sa wenich mooglik ynskeakelje fan eksterne advysburo's.
5. Om finansjele foardielen te krijen moat gearwurking tusken ferskate
ynstellings kinne, mar wy binne tsjin nije mienskiplike regelings.